

FUNKSJEPROFYL (Nederlandse versie onderaan)

Omrop Fryslân
Direkteur-bestjoerder

Ferbine, ferdjipje, fuoroprinne**Stânplak:****Ljouwert****1. ORGANISAASJE OMROP FRYSLÂN**

Omrop Fryslân is dé regionale publike omrop foar elkenien dy't him mei Fryslân ferbûn fielt. De organisaasje makket ferhalen dy't ynformearje, ynspirearje en amusearje en bringt de kontent fia ferskate platfoarms lykas radio, telefyzje en onlinekanalen. De Omrop is tichtby, werkenber en betrouber en yn kontakt mei it publyk. De Omrop wol syn plak yn de Fryske mienskip sterker meitsje en is it paad fan agindafolgjend nei in ferhaal-stjoerde organisaasje ynslein. Dêrby is it ferhaal it útgongspunt en dat bepaalt de foarm én it platfoarm.

De koers

De Omrop hat it plak yn it sterk feroarjende medialânskip op 'e nij formulearre en fertaald nei in strategysk plan 2020-2025 "Kom fierder". It is in ambisjeus plan dêr't de Omrop ûnderdiel en oanjager yn is fan it maatskiplike debat en mei lef dúdlike karren makket dêr't de Omrop him duorsum mei de Fryske mienskip mei ferbynt. De organisaasje wol ferbine en bouwe oan mienskippen, him ûnderskiede troch eigen typyske tema's te selektearjen en troch sels saken te agindearjen. De organisaasje rekkenet it as har ferantwurdlikheid om de Fryske taal en kultuer aktyf út te dragen. By de Omrop is dan ek it Frysk de fiertaal.

De organisaasje

De Omrop is in platte en bûchbere organisaasje. Dat makket it mooglik om de kearnwearden aktyf út te dragen, yn de takomst feroaringen oan te kinnen en dêr fleksibel op ynspylje te kinnen. Ut de ynsette organisaasje-ûntwikkeling wei binne ferantwurdlikheden leech yn de organisaasje belein. By Omrop Fryslân binne sa'n 125 minsken yn tsjinst en wurkje dêrneist 75 freelancers. Dat binne allegearre professionals, minsken dy't harren fak behearskje. Yn de organisaasje wurdt wurke mei multydisziplinêre teams. It primêre proses stiet sintraal en wurdt foarme troch de trije pylders: Ferhalen, Publyk en Middels. De stêfôfdielingen binne stypjend ferbûn oan dat primêre proses. De Omrop is in kreative organisaasje dy't doart te learen fan de flaters en dy't de opdienne ynsichten meinimt yn it better meitsjen fan de organisaasje.

Bestjoer en Tafersjoch

Omrop Fryslân is in stichting en wurdt bestjoerd troch in direkteur-bestjoerder ûnder tafersjoch fan de Ried fan Kommissarissen (RfK). De ynspraak, advisearring en meisizzenskip is boarge yn de ûndernimmingsried (UR) en de redaksjeried (RR). De redaksjonele ûnôfhinklikens is fêstlein yn it redaksjestatút. De Omrop fiert syn taken út konfoarm de rjochtlinen fan de Mediawet en de beliedsrigels fan it Commissariaat voor de Media. Omrop Fryslân hat in Regionale Mediaried (RMR) dy't it media-oanbodbelied fêststelt en evaluearret. De RMR bestiet út fertsjintwurdigers fan de belangrykste yn de provinsje Fryslân foarkommende maatskiplike, kulturele, godstsjinstige en geastlike streamingen. Dêrneist is ek de feriening Freonen fan Omrop Fryslân yn de RMR fertsjintwurdige.

Nei de webside: <https://www.omropfryslan.nl>

Plak yn de organisaasje

De direkteur-bestjoerder is mei de haadredakteur ferantwurdlik foar de organisaasje, dêr't de haadredakteur ynhâldlik redaksjoneel ferantwurdlik is en de direkteur-bestjoerder yntegraal.

De direkteur-bestjoerder foarmet it MT mei de haadredakteur, haad Finânsjes/controller, haad Sales, haad Middels, haad Publyk en it haad P&O. It MT wurdt stipe troch de direksjesekretaresse.

De direkteur-bestjoerder rapportearret oan de Ried fan Kommissarissen.

2. FUNKSJE, TAKEN EN FERANTWURDLIKHEDEN

- Jo binne ferantwurdlik om de foaroprinnende posysje fan de Omrop te behâlden en fierder út te bouwen nei in stevige moderne en takomstbestindige organisaasje mei in eigen en werkenber profyl foar publyk, meiwurkers en strategyske partners.
- Hjirby hannelje jo út de ideeën wei sa't dy omskreaun binne yn it strategysk plan 2020-2025 en sette jo yn op it fuortsetten en it fierder bestindigjen fan dizze strategyske koers en de trochûntwikkeling fan de organisaasje.
- Jo binne it boechbyld fan de organisaasje, bouwe oan in stevich netwurk yn de regionale mienskip, sykje ferbining mei oare organisaasjes en ûndersykje mooglikheden ta gearwurking. Dêrneist binne jo aktyf yn ferskate lanlike en regionale netwurken.
- Jo binne yntegraal einferantwurdlik foar de organisaasje, drage soarch foar de kontinuïteit fan de organisaasje en fiere dual liiderskip mei de haadredakteur.
- Jo drage soarch foar in sûne finansjele bedriuwsfiering en beheare de ferskate finansieringsstreamen.
- Jo ûnderhâlde de relaasje mei oerheden (û.o. ministearje fan OCW, Provinsje), ûnderwiis, bedriuwen, regionale omroppen en oare relevante stakeholders.
- Jo binne bestjoerder yn de sin fan de WOR en hawwe affiniteit mei meisizzenskip.
- Jo ûnderhâlde kontakten mei de RMR en de Freonen.
- Jo ynvestearje yn fierdere liiderskipsûntwikkeling yn de organisaasje passende by de hjoeddeistige bestjoeringsfilosofy fan Omrop Fryslân.
- Jo kreëarje rânebetingsten om in learende organisaasje te wêzen, dêr't iepenheid en feiligens is om kwetsber doare te wêzen en der romte is om te fallen en wer stean te gean. Jo litte ferantwurdlikheden by de professionals en soargje foar draachflak en beslútfoarming.

3. PROFYL

- Jo hawwe bestjoerlike ûnderfining, beskikke oer strategysk tinkfermogen en hawwe romme managementûnderfining passende by de faze fan trochûntwikkeling fan de organisaasje.
- Jo omearmje it strategysk plan en hawwe in yntrinsike drive om de koers dy't ynslein is fierder fuort te setten.
- Jo sinjlearje maatskiplike, politike en technologyske ûntwikkelingen en fertale dat nei kânsen en mooglikheden foar de organisaasje.
- Jo hawwe in tsjinjende styl fan lieding jaan en kreëarje kondysjes om professionals yn frijheid en betrouwen harren wurk dwaan te litten.
- Jo fiele jo ferbûn mei de tinkwize, de útgongspunten en de doelstellingen fan de Omrop.
- Jo hawwe in sterke bining mei de provinsje Fryslân en in (aktive) behearsking fan de Fryske taal.
- Jo hawwe by foarkar in relevant netwurk yn Fryslân en Den Haach.

4. KOMPETINSJES EN PERSOANLIKE KWALITEITEN

- Boechbyld, sichtber
- Netwurker, ekstern rjochte
- Ferbinder, belutsen, tagonklik
- Analytysk, oerstiigjend
- Rjochte op minsken, coachend
- Omjouwingsbewust, organisaasjesensityf

5. OMROP FRYSLÂN BIEDET JO

Ynskaling is konfoarm WNT en ôfhinklik fan de kennis en ûnderfining dy't ien meibringt.



KONTAKT

Omrop Fryslân is in ferhaal-stjoerde organisaasje. Dêrom binne wy benijd nei jo ferhaal. We sjogge jo sollisitaasje, mei cv en motivaasje dêrom graach temjitte. Yn it Frysk of yn it Nederlânsk.

Foar fragen kinne jo kontakt opnimme mei:

Mark Olman
06-27507384

FUNCTIEPROFIEL

Omrop Fryslân
Directeur-bestuurder

Verbinden, verdiepen, vooroplopen



Standplaats:

Leeuwarden

1. ORGANISATIE OMROP FRYSLÂN

Omrop Fryslân is dé regionale publieke omroep voor iedereen die zich met Fryslân verbonden voelt. De organisatie maakt verhalen die informeren, inspireren en amuseren en brengt de content via verschillende platformen zoals radio, televisie en onlinekanalen. De omroep is dichtbij, herkenbaar en betrouwbaar en in contact met het publiek. De Omrop wil zijn plaats in de Friese samenleving versterken en is de weg ingeslagen van agendavolgend naar een verhaal-gestuurde organisatie. Hierbij is het verhaal uitgangspunt en dit bepaalt de vorm én het platform.

De koers

De Omrop heeft de plaats die hij inneemt in het sterk veranderde medialandschap geherformuleerd en vertaald naar een strategisch plan 2020-2025 “Kom fierder”. Het is een ambitieus plan waarin de Omrop onderdeel en aanjager is van het maatschappelijke debat en met lef duidelijke keuzes maakt waarmee hij zich duurzaam met de Friese samenleving verbindt. De organisatie wil verbinden en bouwen aan gemeenschappen, zich onderscheiden door eigen typische thema’s te selecteren en door zelf zaken te agenderen. De organisatie rekent het tot haar verantwoordelijkheid om de Friese taal en cultuur actief uit te dragen. Bij de Omrop is dan ook het Fries de voertaal.

De organisatie

De Omrop is een platte en wendbare organisatie. Dit maakt het mogelijk om de kernwaarden actief uit te dragen, in de toekomst veranderingen aan te kunnen en hier flexibel op in te kunnen spelen. Vanuit de ingezette organisatieontwikkeling zijn verantwoordelijkheden laag in de organisatie belegd. Bij Omrop Fryslân zijn circa 125 mensen in dienst en werkt men daarnaast met 75 freelancers. Dit zijn allemaal professionals, mensen die hun vak beheersen. In de organisatie wordt gewerkt met multidisciplinaire teams. Het primaire proces staat centraal en wordt gevormd door de drie pijlers: Verhalen, Publiek en Middelen. De stafafdelingen zijn ondersteunend verbonden aan dit primaire proces. De Omrop is een creatieve organisatie die durft te leren van haar fouten en die de geworven inzichten meeneemt in het beter maken van de organisatie.

Bestuur & Toezicht

Omrop Fryslân is een stichting en wordt bestuurd door een directeur-bestuurder onder toezicht van de Raad van Commissarissen (RvC). De inspraak, advisering en medezeggenschap is geborgd in de ondernemingsraad (OR) en de redactieraad (RR). De redactionele onafhankelijkheid is vastgelegd in het redactiestatuut. De Omrop voert zijn taken uit conform de richtlijnen van de Mediawet en de beleidsregels van het Commissariaat voor de Media. Omrop Fryslân heeft een Regionale Mediaraad (RMR) die het media-aanbodbeleid vaststelt en evalueert. De RMR bestaat uit vertegenwoordigers van de belangrijkste in de provincie Fryslân voorkomende maatschappelijke, culturele, godsdienstige en geestelijke stromingen. Daarnaast is ook de ‘ferieniging Freonen fan Omrop Fryslân’ in de RMR vertegenwoordigd.

Naar de website: <https://www.omropfryslan.nl>

Plaats in de organisatie

De directeur-bestuurder is samen met de hoofdredacteur verantwoordelijk voor de organisatie, waarbij de hoofdredacteur inhoudelijk redactioneel verantwoordelijk is en de directeur-bestuurder integraal.

De directeur-bestuurder vormt samen met de hoofdredacteur, hoofd Financiën/controller, hoofd Sales, hoofd Middelen, het hoofd Publiek en het Hoofd P&O het MT. Het MT wordt ondersteund door de directiesecretaresse.

De directeur-bestuurder rapporteert aan de Raad van Commissarissen.

2. FUNCTIE, TAKEN EN VERANTWOORDELIJKHEDEN

- U bent verantwoordelijk om de toonaangevende positie van de Omrop te behouden en verder uit te bouwen naar een stevige moderne en toekomstbestendige organisatie met een eigen en herkenbaar profiel voor publiek, medewerkers en strategische partners.
- Hierbij handelt u vanuit het gedachtegoed zoals omschreven in het strategisch jaarplan 2020-2025 en zet u in op het voortzetten en het verder bestendigen van deze strategische koers en de doorontwikkeling van de organisatie.
- U bent het boegbeeld van de organisatie, bouwt aan een stevig netwerk in de regionale samenleving, zoekt de verbinding met andere organisaties en onderzoekt mogelijkheden tot samenwerking. Tevens bent u actief in verschillende landelijke en regionale netwerken.
- U bent integraal eindverantwoordelijk voor de organisatie, draagt zorg voor de continuïteit van de organisatie en voert duaal leiderschap met de hoofdredacteur.
- U draagt zorg voor een gezonde financiële bedrijfsvoering en beheert de verschillende financieringsstromen.
- U onderhoudt de relatie met overheden (o.a. ministerie OCW, provincie), onderwijs, bedrijven, regionale omroepen en andere relevante stakeholders.
- U bent bestuurder in de zin van de WOR en heeft affiniteit met medezeggenschap.
- U onderhoudt contacten met de RMR en de Freonen.
- U investeert in verdere leiderschapsontwikkeling in de organisatie passend bij de huidige besturingsfilosofie van Omrop Fryslân.
- U creëert randvoorwaarden om een lerende organisatie te zijn, waarbij er openheid en veiligheid is om kwetsbaar te durven zijn en er ruimte is om te vallen en op te staan. U laat verantwoordelijkheden bij de professionals en zorgt voor draagvlak en besluitvorming.

3. PROFIEL

- U hebt bestuurlijke ervaring, beschikt over strategisch denkvermogen en heeft ruime managementervaring passend bij de fase van doorontwikkeling van de organisatie.
- U omarmt het strategisch plan en hebt een intrinsieke drive om de ingeslagen koers verder voort te zetten.
- U signaleert maatschappelijke, politieke en technologische ontwikkelingen en vertaalt dit naar kansen en mogelijkheden voor de organisatie.
- U heeft een dienende stijl van leiding geven en creëert condities om professionals in vrijheid en vertrouwen hun werk te laten doen.
- U voelt zich verbonden met het gedachtegoed, de uitgangspunten en de doelstellingen van de Omrop.
- U heeft een sterke binding met de provincie Friesland en een (actieve) beheersing van de Friese taal.
- U heeft bij voorkeur een relevant netwerk in Friesland en Den Haag.

4. COMPETENTIES EN PERSOONLIJKE KWALITEITEN

- Boegbeeld, zichtbaar.
- Netwerker, externe gerichtheid.
- Verbindend, betrokken, toegankelijk.
- Analytisch, overstijgend.
- Mensgericht, coachend.
- Omgevingsbewust, organisatiesensitief.

5. OMROP FRYSLÂN BIEDT U

Inschaling is conform WNT en afhankelijk van de kennis en ervaring die iemand meebrengt.



CONTACT

Omrop Fryslân is een verhaal-gestuurde organisatie. Daarom zijn wij benieuwd naar uw verhaal. We zien uw sollicitatie, voorzien van CV en motivatie daarom graag tegemoet. In het Fries of in het Nederlands.

Voor vragen kunt u contact opnemen met:

Mark Olman
06-27507384